

Koarte presintaasje argus foar fûgelwacht Makkum

13 febrewaris 2026 - Janneke Vorst

1. Jim witte alles fan greidefûgels.

Jûn wol ik koart wat fertelle oer greideflinters.

2. Der besteane 10 soarten gerislânflinters.

argusflinter, brún dikkopke, brún sânke, donker pimpernelblauwtsje, grut dikkopke, heafke, ikarusblautsje, lytse fjoerflinter, oranjetipke en klaverblautsje

De measten binne hast útstoarn.

In pear kinst hjir noch sjen.

argusflinter, ikarusblautsje, oranjetipke

3. Dizze flinters libje yn itselde gebiet as de skries.

In goed greidefûgelgebiet is ek goed gebiet foar dizze flinters.

Ekstinsyf beheard, net bedonge, blomryk gerislân.

4. De trochsneed efterútgong yn Europa is fiiftig persint.

5. Yn hiel Nederlân is fan de Argusflinter yn trietig jier noch mar twa persint oer.

6. It goeie nijs is dat er yn in pear gebieten noch wól foarkomt. Yn Fryslân is dat lâns de Iselmarkust, de Waadhoeke en SudWest Fryslân.

7. Fûgelwachters binne goede waarnimmers.

Jim binne in soad op ' en paad en kinne it gebiet goed.

Dêrom wolle wy oan jimme freegje waarnimmingsen fan de Argusflinter troch te jaan.

8. Hoe sjocht de argusflinter derút?

Oranje mei donkere eagen, arguseagen

9. Mei sletten wjukken falt er amper op troch syn skutkleur

10. Jimme kenne de syklus fan in flinter

aai, rûp, pop, flinter (imago)

len syklus neamst in generaasje.

11. It oranjetipke docht dat ien kear yn it jier.

Dy is allinnich te sjen om ein april hinne.

12. De Argusflinter hat trije generaasjes yn it jier.
Der binne trije perioaden ast de argusflinter tsjinkomme kinst.
maaie, augustus en septimber

13. Wêr soest de flinter sjen kinne?
op blommen, yn berms, yn tunen

14. De flinter sit graach yn de sinne, op keale grûn, in houten stek of op de trep
fan de dyk

15. Flinters sjen oerdei tusken 11.00 - 15.00
in soad sinne, net folle wyn

16. waarnimmings trochjaan, kin op de webside waarneming.nl
fûgels, flinters, planten, alle soartgroepen

Der is ek in App foar dyn telefoan, Obsidentify.
Dat is oaninoar keppele.

17. Hoe't dat krekt wurket, soene wy in kear in workshop organisearje kinne.

Hjir sjochst myn eigen waarnimmings fan de Argusflinter

18. Wêrom is dat wichtich?
Hoe mear wy witte fan it libben fan de Argusflinter en wêr't er noch foarkomt.
Hoe better wy him beskermje kinne
(Mear witte om te beskermjen)

19 Goed behear foar de Argusflinter = Goed behear foar de skries

20. meedoen@reddeargusvlinder

Ast meidwaan wol, hjir is it emailadres

Tank foar jimme oandacht